

Oan de heer Jan Huitema
Europarlementariër
Kuinderweg 2
8423 VB Makkingea

Ljouwert, 24 july 2017

Achte hear Huitema,

De Ried fan de Fryske Beweging stjoert yn foarkommende gefallen persoanen, dy't har sichtber iepenstelle foar it Frysk of it op in bysûndere wize brûke of brûkt hawwe, in plombrief.

Nei oanlieding fan it 25-jierrich jubileum fan it Hânfest foar Minderheidstalen ha jo it Europeesk Parlemint yn de plenêre gearkomste op 12 juny l.l. tasprutsen yn it Frysk. Dat is yn de histoarje fan it Parlemint noch net earder bard. Dat docht de Ried tige deugd.

De Ried fan de Fryske Beweging is in belange-organisaasje foar minsken dy't wiis binne mei Fryslân en har ynsette wolle foar mear romte foar it Frysk en de Fryske kultuer. Jo bysûndere taalhâlding efter de sprekstoel, yn it fermidden fan de Europeeske folksfertsjintwurdigers, past no krekt yn dat byld fan de Ried en dêrom nochris dit earbewiis yn de foarm fan in plombrief.

Wy hoopje dat jo foarbyld by mear Friezen dy't har yn soartgelikense fermiddens bejouwe, neifolging fynt.

Foar de Ried fan de Fryske Beweging
mei achting en freonlike groetnis,

Renze Valk, skriuwer fan de Ried